# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

| | |
|---|---|
| Yntsjinner:<br>CDA, Attsje Meekma<br>Lid Goudzwaard<br><br>Mei-yntsjinner(s):<br>FNP, Wopke Veenstra<br>VVD, Marten Dijkstra<br>PvdA, Erik de Groot<br>GrienLinks, Jochem Knol<br>D66, Bea Bijlsma<br>CU, Matthijs de Vries | |

| | |
|---|---|
| Moasje nr. | 04. |
| Paraaf | |
| Wurklistpunt | 06. |
| Beslút | |

**MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde**

| | |
|---|---|
| Steategearkomste | 15 desimber 2021 |
| Wurklistpunt | Starnotysje Ynvasive eksoaten |
| Koarte titel fan de moasje | Meldpunt eksoaten |

De Steaten, yn gearkomste byien op 15 desimber 2021

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- De provinsje de opdracht krigen hat fan it Ryk om belied te meitsjen en út te fieren oangeande ynvasive eksoaten;

oerwaagjend dat

- ynvasive eksoaten slimme gefolgen hawwe kinne foar it bioferskaat, de folkssûnens en de ekonomy en dêrom mei faasje bestriiden wurden moatte;
- net alle plakken dêr't eksoaten oanwêzich binne yn ús provinsje yn byld binne;
- fersprieding fan eksoaten allinnich stoppe of behearske wurde kin at de fynplakken bekind binne;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- om sa gau as mooglik te soargjen foar in digitaal meldpunt, sa mooglik oanslútend by in besteand meldpunt
- in foarljochtingskampanje op te setten om ynwenners bewust te meitsjen fan it belang om ynvasive eksoaten op eigen grûn te bestriiden en op te roppen om fynplakken fan eksoaten te melden.

en gean oer ta de oarder fan de dei

| | |
|---|---|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening)<br><br>CDA, Attje Meekma |

| | |
|---|---|
| | Lid Goudzwaard<br>FNP, Wopke Veenstra<br>VVD, Marten Dijkstra<br>PvdA, Erik de Groot<br>GrienLinks, Jochem Knol<br>D66, Bea Bijlsma<br>CU, Matthijs de Vries |